

## Oprjochting fan "de Sékrite", Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn "de Meerkoet", it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1<sup>ste</sup> foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woenen wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik "De bekroande earsteling". De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wiene. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik "Taaie Teie". Op 12 maart 1974 koe it 300<sup>ste</sup> lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

**Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog**

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

**Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!**

## Meidielingelêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971  
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 38  
Nûmer 4, Febrewaris 2024**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889  
RABO-bank Lelystêd  
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,  
wêz dochts tûk  
kom nei Valentijn  
foar in presintsje  
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID  
Waagpassage 126,  
8232 DW Lelystad.

## Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

**Luit en Johanna Dijk**  
**0320 - 412444**  
**luit.dijk@kpnmail.nl**

## Wêr bliuwe ús advertearders?

Bêste leden, soenen jimme,  
as jimme grutte nije dingen  
keapje, oan ús krite tinke  
wolle.

Jimme soenen betingje  
kinne, dat it bedriuw dan  
ek in advertinsje yn ús  
kritekrantsje sette moat.  
Kosten € 60,= foar in heal  
A5, € 30,= foar 1/4 A5.

Schoen- & Sleutelservice

**T. Boonstra**  
Weversstraat 24,  
8223 AC Lelystad  
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden  
versleten zijn,  
gooit u uw auto toch  
ook niet weg !?**



**van Boonstra**  
SCHOENMAKERS  
VAN LIER  
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige  
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op

**WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL**

keamer ticht. Der folge In drama. De boargemaster skille mei ferskate ynstânsjes, dokters en provinsjale bestjoerders. Wardenier, dy't yn oerlis wie mei de notaris, waard ophelle troch twa ûnbekende hearen mei it boadskip dat de boargemaster him sprekke woe. Wardenier liet him mei de lúkse auto nei it gemeentehûs ride. Wat der doe besprutsen is, is net bekend. Boargemaster Maas hat altiten wegere om deroer te praten. Wa't mear witte woe moast by de oerheid wêze. Fjildwachter Oppenhuis fertelde dat nei oerenlange petearen boargemaster Maas liik rôp: "Net ik bin gek, mar do bist lang net wiis." Wardenier waard ynwyt, hy rûn mei grutte stappen nei de doar, mar dy siet op 't slot. "Do giest nei Grins jonge", sei de boargemaster, doe wer kalm. Hy kundige dat oan sûnder dat in dokter sjoen hie oft Wardenier psychysk wol yn oarder wie. In jier foar syn stjerren\* hat Wardenier ferteld hoe't it dy dei gien wie: "Doe't ik by de boargemaster yn it gemeentehûs kaam, ha se my yn in keammerke opsletten, in hiele poas. Doe't ik der wer útkaam wie ik dûm, ik sei doe: 'As ik myn revolver by my hân hie, hie 'k jimme delsketten.' Doe ha twa plysjes my yn in auto nei Grins brocht. Op de psychiatryske ynrychting waard ik yn in isolearsel opsletten. Dêr ha ik doe fiif dagen sitten. Nimmen mocht mei my prate."

Hy fertelde dat doe't er op 13 novimber thúskaam, de motor ferdwûn wie. Syn âlden fertelden dat der twa kreas klaaide hearen mei in grutte djoere auto mei it boadskip kamen dat se de motor ophelje soene, hja hiene tastimming fan Wardenier, seine se. It praat gie dat Philips de gegevens fan de motor brûkt hie foar in hjitteluchtmotor en Opel foar de wankelmotor.

En sa is it in mystearje bleaun.

Yn de Leeuwarder Courant fan 21 febrewaris 1985 stiet yn de sneonsbylage in stik ûnder de titel Nieuwe feiten in het mysterie Wardenier. Dy krante is op ynternet ûnder <https://www.delpher.nl/> te finen.

\*Wardenier is op 27 july 1960 ferstoarn.

Jangerben Mulder.

Boarne: Henk Ymker, Het Mysterie Wardenier. Dat boek is noch te keap (<https://boekwardenier.nl/inkijkexemplaar>)

Mulder hat it ferhaal earder publisearre yn Groot Heerenveen.



## AG en M- en Y-dei 16 maart 2024.

Sneon **16 maart 2024** binne jimme wolkom op de **Algemeine Gearkomste** en de **Moetings - en Ynspiraasjemiddei** fan it Keninklik Frysk Boun om Utens by de Fryske Krite fan Meppel yn Doarpshûs De Schalle, Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen - 0522 491 422. It bestjoer fan it Boun is drok dwaande mei de tarieding fan dizze dei.



**Krite 'Waling Dijkstra' fan Meppel** hat op **25 febrewaris 2024** 100 jier bestien. It jubileumfeest wurdt tegearre mei de AG en M- en Y middei fiers yn De Schalle yn Nijeveen.

**It Frysk Selskip Swol**, de âldste krite dy't by it Keninklik Frysk Boun oansletten is, hat op **15 maart 2024** it 125-jierrich jubileumfeest yn wykstrum 'De Weijenbelt'.

**De Sékrite winsket dizze kriteren fan herten lokwinske mei harren jubilea!!**

benzinemaatskippijen, waard der sein, en der moast him in protte jild bean wêze as er syn útfining ferdwine litte soe. Hy hie yn dy tiid in persoanlike liifwacht yn de persoan fan fjildwachter Bouma, om him te beskermjen tsjin oanslaggen op syn libben.

De Meppeler krante skreau dat der oant 1938 al in direkteur beneamd wie foar it nije fabryk en dat dan Wardenier it direktorskip oernimme soe. Op 7 novimber 1934 hie er in ôfspraak mei de VARA-radio om tekst en útlis te jaan oer syn útfining, mar hy kaam dy jûn net foar de mikrofoan.

Wat der him op 8 novimber yn it gemeentehûs ôfspile hat is nea bekend wurden. Moarns sei de boargemaster ynienen tsjin wethâlder Muurling: "It is ôfrûn." "Wat bedoele jo?" frege Muurling. "Dêr komst noch wol efter", snaude boargemaster Maas en hy sloech mei in grutte klap de doar fan syn wurk-

| Ynhâld Meidielingelêd:                                       | side |
|--|------|
| # Foaropwurd fan de foarsitter .....                         | 2    |
| # Kritegearkomsten winterskoft 2023-2024, Kriteriis .....    | 4    |
| # Kuierje lâns de grins fan Fryslân .....                    | 5    |
| # Utnûging 23 maart Teätergroep FJOER mei 'Alles went' ..... | 8    |
| # Ut de Boekehoeke .....                                     | 11   |
| # Ut de Itensiderij .....                                    | 13   |
| # Ferhaal: 'Hiel Wolvegea op 'e kop' .....                   | 14   |
| # Nijs fan it Keninklik Frysk Boun om Utens .....            | 16   |

**De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 1 april 2024.**

# Kolofon

**Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:**

**Foarsitter:** Jan Bijkerk, e-mail: [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl)

**Ponghâlder:** Jan Koopman, e-mail: [jan@zwanenwater.nl](mailto:jan@zwanenwater.nl)

**Skriuwer:** Luit Dijk, e-mail: [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl)

**Lid:** Yvonne Nederpel, e-mail: [ycm.nederpel@gmail.com](mailto:ycm.nederpel@gmail.com)

**Lid:** Annie Noppers, e-mail: [annie\\_evenhuis@hotmail.com](mailto:annie_evenhuis@hotmail.com)

**Lid:** Jantsje Meijer, e-mail: [jantsje-meijer@live.nl](mailto:jantsje-meijer@live.nl)

**Koar:** Fetsje Meijer, e-mail: [fetsje.meijer@ziggo.nl](mailto:fetsje.meijer@ziggo.nl)

**Kosten:** It lidmaatskip is € 25,- yn't jier / stipers € 15,- yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

**De redaksje en opsmûk** fan it boekje: **Jan en Sjoerdsje Bijkerk.**

Kopij opstjoere nei: [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl)

## FAN DE FOARSITTER.

Bêste leden fan de Sékrite,

Alwer heal febrewaris, as wy noch in winter krije, dan sil it net sa lang mear wêze. Mar it sjocht der op dit stuit net nei út. Yn de tún komme de maitidsblommen al wer boppe de grûn út. Ik seach al wer akonytsjes en liderkes (snielokjes) yn de bloei stean - dat docht jo goed, dat is in teken dat wy, mei myn sizzen, wer de goeie kant fan de seizoenen út geane. Nei de maitiid, nei mear sinneskyn!

En dat is wer goed foar de sinnepanielen. Hieltyd mear Friezen hawwe sinnepanielen op it dak lizzen. Underwilens is yn de provinsje Fryslân al hast 30% fan de wenten foarsjoen fan ynstallaasjes mei sinnepanielen. Wol binne der lokaal grutte ferskillen. Sa binne ynwenners fan Dantumadiel de grutste leafhawwers: dêr hat sels 44% fan de wenten panelen. Dat en mear docht bliken út in analyse fan Independer op basis fan data fan it CBS en Klimaatmonitor.

Neffens de resintste data út 2022 steane yn Fryslân op it momint goed 93.000 huzen mei sinnepanielen. Dat is in flinke oanwaaks (+24%) neffens in jier earder: doe gie it om 74.900 wenten.

Nearne yn Fryslân hawwe ynwenners yn ien jier tiid safolle yn sinne-enerzjy ynvestearre as op Flylân. Yn dy gemeente steane neffens resintste data 226 huzen mei registrearre sinnepanielen, in oanwaaks fan 57% neffens in jier earder. Doe gie is om 144 wenten.

De enerzjy dy't men opwekket, kin men fansels sels brûke. Wat oer is, wurdt oan it iepenbiere net weromlevere. Op jierbasis wurdt dat wer ferrekkene mei it ferbrûk yn 'e perioade dat men gjin enerzjy opwekket. Dat is de saldearringsregeling. As men



mear opwekket as men ferbrûkt hat, kin men dêr jild mei fertsjinje. Dy weromleverfergoeding ferskilt nochal by hokker de leveransier men is. "Myn advys is om dat goed út te sykjen en by need oer te stappen nei in leveransier dy't in hegere fergoeding jout". En it is fansels de fraach hoelang it weromleverjen noch troch giet. En ús ektrisiteitsnet kin de grutte mannichte oan enerzjy ek net mear oan. Der wurdt troch de oerheit opdracht jûn om de netten flink út te

tor koe trije moanne draaie sûnder dat er byfolle hoegde te wurden. De autofabrikant út Swol befêstige dat en mei syn gearwurking soe de motor yn de hannel brocht wurde en waard oan him de lisinsje ferliend. Dernei skaften se foar de motor in sjassy oan dêr't ek in karrossery op boud wurde koe.

Wolvegea stie op 'e kop. It wie de bedoeling dat dêr of yn de omkriten in fabryk boud wurde soe dêr't 13.000 minsken wurk fine koene. De tekeningen wiene al makke en yn jannewaris 1935 soe der mei de bou begûn wurde kinne. Neffens de gemeente wie de bougrûn al beskikber.

Yn Wolvegea wiene der kafeehâlders dy't fan doel wiene om harren saak ombouwe te litten ta hotel en guon bedriuwen rûnen mei reklame-advertinsjes al foarút op de útfining. Der kamen ek hiel wat spekulanten, sakelju en yndustriëlen fan rûnom wei nei Wolvegea ta. As Wardenier yn syn swarte Ford troch Wolvegea ried, wiene der sels guon dy't de pet ôfnamen as er by harren lâns kaam.

Wethâlder Muurling toande oan de Meppeler krante in ôfskrift fan in keapakte fan in stik grûn fan 70 bunder. It fabryk, 300 meter lang en 280 meter breed, soe oan de Schipsloot komme. Mar der wiene ek guon dy't twivelen: automobilen sûnder brânje, dat koe dochs net? Wardenier waard, om alle twivels wei te nimmen, by de boargemaster roppen om syn motor sjen te litten, mar hy wegere. Hy berôp him op de jildsjitters, dy't net woene dat de motor toand waard, bang foar de konkurrinsje. Hy soe yn dy tiid ek oansprutsen wêze troch



Grut nijs

## Hiel Wolvegea op 'e kop (oernommen út 'It Nijs').

Yn it 'Nieuwsblad van Friesland' stie op 2 novimber 1934 op de foarside ûnder de kop 'Opzienbarende uitvinding': 'De motor zonder benzine of olie als drijfkracht. Grote toekomst voor Wolvegea, een fabriek van 13000 man en 13 miljoen kapitaal.'

Der giene yn Wolvegea en omkriten frjemde geroften om: in jongkeardel út dy omkriten soe in motor konstruearre hawwe, dy't gjin benzine of oalje as driuwkrêft nedich hie. Fansels gie it net allinne oer de útfining, mar ek oer wierheden dy't eltse fantasy te boppe giene. It soe foar Wolvegea en omkriten in grutte takomst iepenje.

De útfiner, de autoriteiten en ferskate parsefertsjintwurdigers holden in gearkomste yn it gemeentehûs fan Wolvegea.

Dêr waard it ien en oar meidiel, troch de

útfiner sels en troch in fertsjintwurdiger fan de gemeente. De útfiner wie in ienfâldich man fan 22 jier, berne yn Stienwikerwâld en dy't syn domisylje yn Wolvegea hie. Mei rêstige, kalme en ienfâldige wurden waarden feiten meidiel, it iene noch bjusterbaarliker as it oare. Se makken bekend dat Wardener mei help fan ryksyngenieurs ferskate ferbetteringen oan syn útfining oanbrocht hie en dat er syn motor by in autofabrikant yn Swol útprobearre hie. Dat wie op ferskillende sjassys dien en de proeven wiene folslein slagge.



Johannes Wardener

Door de **Uiver-prestaties** en de **Wolvegaster uitvinding** staat heel Nederland op **stelten**.  
Koopt bij Uw winkelier **2 pak „AMBO” HUISHOUDZEEP** à **25 ct. per pak**, waarbij **gratis** een paar houten stelten voor Uw kinderen.  
Voor Engros bij **THEODORUS LEENES, Heerenveen**

De autofabrikant wie ta de konklúzje kommen dat it hielendal wier wie, dat it troch de útfiner en syn helpers garandearre wie en dat soksoarte fan motors foar noch gjin 25 gûne yn 't jier oan smaroalje nedich hiene, ek al soe er dei en nacht trochrinne. De mo-

wreidzjen. Mar foar dat klear is, binne wy wol in hiel oantal jierren fierder.

Thialf hie ek in protte sinnepanielen op it dak, mar ... Der komt meikoarten in ekstern ûndersyk nei de sinnepanielen op it dak fan Thialf. Mei it ekstern ûndersyk wolle de oandielhâlders earstdeis dúdlikens krije oer hoe't der, doestiids by de oanlis fan de sinnepanielen en dêrnei, hannele is en neffens hokker jildende noarmen. Dêrnjonken wolle de oandielhâlders der in twadde miening mei opdwaan oer hoe't Thialf mei sinnepanielen op it dak fersekere wurde kin en in advys oer hoe't it no fierder moat. De provinsje en gemeente sizze mei klam dat der no gjin oanwizings binne dat der by de oanlis flaters makke binne of dat de feiligens yn 'e kiif stiet. Wol fiele de oandielhâlders har oerfallen troch it beslút en de taljochting fan de fersekerders. De gefolgen dêrfan binne grut, dêrom is soarchfâldigens en goed ynsjoch foar ferfolchstappen no nedich. Sa sjogge jo mar, jo moatte wol útsjen!

Utsjen, en dan wol yn in oare betsjutting, dogge wy ek nei it optreden fan Teätergroep Fjoer op 23 maart o.s. Dit is al wer de lêste kritegearkomste fan dit winterskoft. Teätergroep Fjoer hat al ferskate premjêrestikken spile rûnom yn Fryslân, mar ek bûten de provinsje. Dit stik 'Alles went' is lykwols in boppe-slach en hat yn Nederlân al lang syn spoaren fertsjinne. Yn it ferline is it spile troch Gerard Cox en Joke Bruys en dy ha der in protte sukses mei hân. It stik is basearre op it boek 'Alles went behalve een vent' fan Yvonne Kroonenberg (1989.) It 'feministyske' humoristyske boek soarge der foar dat de titel fan it boek in 'fêste' útdrukking waard. It is it ferhaal fan in maatskiplik slagge man en syn frou op leeftyd, mar it houlik hat syn bêste tiid hân. Sûn, fit, finansjeel ûnôfhinklik, in goeie bân mei harren bern, pake/beppesizzer en in moai hûs. Wat wolle jo noch mear? 'Neat', seit hy wylst er fansels wol krityk hat en leafst alle dagen: oer polityk, fuotbal, de auto fan de buorlju foar syn doar.

'In protte' seit sy. Sy wol graach wat nijs, wer 't je enerzjy fan krije en wêrtroch se har noch jonger fielt. Se sil studearje! Keunstskiednis. Hy snapt der neat fan en wol it ek net snappe. Sil de stúdzjereis nei Rome it fort, dat harren houlik is, dan dochts ynstoarte litte?

De fraach is fansels: Komme se der tegearre trochhinne, of sille se úteinlik elk harren eigen wei gean? In ferhaal oer hâlden fan, lang tegearre wêze, âlder wurde, fêstrustke gewoanten en gean sa mar troch.

No minsken, op 23 maart, wer ris op de jûn om 20 oere, kinne wy sjen hoe dit ôfrint. Wy hoopje dat jimme mei in protte leden dit toanielstik bywenje sille, dat wy wer ris de seal flink fol krije!

Groetnis fan jimme foarsitter, Jan Bijkerk.

**KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2023-2024**

| DATUM         | WAT KOMT DER?  |
|---------------|--|
| 23 maart 2024 | 20:00 oere yn POSA<br>Teätergroep FJOER mei 'ALLES WENT' |

It bestjoer is op dit stuit yn oerlis met de Krakeling en Teäter Posa om de nije datums foar winterskoft 2024 - 2025 fêst te lizzen.

De data foar Posa binne krekt bekend wurden by de lêste redaksjeslach fan dit boekje: 23 novimber 2023, 21 desimber 2024, 22 febrewaris 2025 en 12 april 2025. Set it al fêst yn jimme bûsboekje!

**KRITENIJS.**

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei:

[annie\\_evenhuis@hotmail.com](mailto:annie_evenhuis@hotmail.com) , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.

- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl) . Yn't foar tige tank.

**Troudatums foar safier it bestjoer se wit:**

- Jan en Fetsje Meijer, op 6 maaie 65 jier trouw



Wy meie de adressen fan de leden net yn it boekje sette, mar as jimme in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

**UT DE ITENSIEDERIJ****Pasta mei prei en salm**

Dizze kear in tige maklik pastagerjocht foar 2 persoanen.

**Yngrediïnten:**


- ◆ omtrint 200 gr. pasta (ik nim altyd fusilli, mar it merk makket neat út)
- ◆ 1 gemiddelde tsjokke prei
- ◆ 150 à 200 gr. rikke salm
- ◆ krême fraîche
- ◆ piper

**Tameitsjen:**

- ◆ Bring in flinke panne fol wetter oan de sied, en foegje, as it wetter siedt, de pasta deroan ta. Soargje dat it wetter sêft oan de soad bliuwt.
- ◆ Snij de prei yn ringen.
- ◆ Snij de salm yn stikjes.
- ◆ Foegje, as de pasta 5 minuten siedt, de preiringen ta en siedt dy noch sa'n 3 minuten mei.
- ◆ Jit dêrnei de pasta mei de prei ôf yn in gatsjepanne en spyl nei mei kâld wetter. Goed útdrippe litte.
- ◆ Doch de pasta mei de prei werom yn de panne en set it op it leechste pitsje, om it net tefolle ôfkuolje te litten.
- ◆ Strui net al te folle piper oer it pasta-/preimingsel en foegje de stikjes salm ta. Ried alles goed troch inoar.
- ◆ Ming der dan noch safolle krême fraîche troch, oant de pasta in bytsje smeudich wurdt, mar net te folle. Lit it noch efkes opwaarmje en dan is de pasta klear om te iten.

Yt lekker.

Groet, Yvonne



soe. Yn dit boek tekene hy de libbensferhalen op fan Friezen dy't, de measten fanwegen de earmoed yn de jierren nei de Twadde Wrâldkriich, emigrearren nei lannen as Australje, Brazylje, Kanada, Nij-Seelân, de Feriene Steaten fan Amearika en Súd-Afrika. Yn it boek kamen net allinnich suksesferhalen oan bar, mar ek de libbensskiednissen fan "minsk dy't de tragyk fan it âlde lân ferruiljen foar de tragyk fan it nije". Speerstra joech net allinnich in byld fan it bestean yn it Fryslân dat de lânferhuzers efterlieten, mar ek fan dat yn de lannen wêr't se, faak mei in protte swierichheden, in nij libben opbouden.

### De Oerpolder



Speerstra's folgende grutte projekt, wêr't hy yn 2002 mei begûn, wie it beskriuwen fan it 19e-iuwske libben yn It Heidenskip. Hjirfoar hold hy fraachpetearen mei mear as twahûndert bewenners, âld-bewenners en oaren en bestudearre hy ûnder mear famylje-argiven en âlde deiboeken. De ûntbrekkende feiten folle hy oan mei fiksje. It resultaat wie *De Oerpolder*,

Yn dit boek sketst Speerstra it hurde plattelânsbestean fan dy tiid, wêryn de faak earmoedige boere-arbeiders en harren bern

hast folslein ôfhinklik wiene fan harren boeren, dy't sels wer de grillen ûndergean moasten fan de lâneigeners dêr't se de pleats fan pachten - wylst allegear troffen wurde koenen troch bygelyks wettersneden, goalera en feesykten.

Johanna van Dijk, [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl), til. 0320-412444

## KUIER LANS DE GRINS FAN FRYSLAN

### Dei 4: Fan Haulerwyk nei Appelskea.

Op 20 july ha ik wer in diel kuiere fan myn sels keazen rûte by de grins fan Fryslân lâns. It jout my in soad wille om sa dwaande to wêzen. Jo witte net wat as jo sa'n dei allegear tsjin komme. Ek de kriten wer't ik troch kom, binne by my faak ûnbekend. Hjoed is myn dei betiids begûn. Al foar healwei sânne op 'e trein nei Assen ta. Fan dêr mei de bus nei Haulerwyk. It gea tusken Assen en Haulerwyk is bysûnder. Allinnich mar feanûntginnings. Wat my opfalt, is de grutskalichheit fan dit gebiet. Yn it midden der fan leit dan Feanhúzen. Bekend as strafkoloanje.' It finzenisdoarp' wurdt it wol neamd. Oprjochte yn begjin 19e iuw. De bewenners waarden oan it wurk setten yn it fean. Haulerwyk is in jonge feankoloanje. It leit, fyn ik, wat yn in úthoeke fan Fryslân. De minsken sille derom tink ik mear op Grins en Drinte rjochte wêze as op Fryslân. Yn de hiele streek wer't ik hjoed lâns kom, wenje yn ferhâlding mar in bytsje minsken. Haulerwyk is útgroeid ta in behoarlik doarp mei in flink oantal foarsjennings. De provinsjegrins leit eastlik fan de buorren, lâns de Ferlingde Skiedingswei. Dêr kom ik wer op de rûte wer't ik lâns kuierje wol. It is in rêstich dykje. De omjouwing bestiet gruttediels út greide. It falt my op hoe flak it lân



hji is. Dat is fansels kaam troch de feanûntginnings. Oeral is de grûn fergroeven en sljochte. Der is nearne in natuerlik hichteferskil to sjen. Ik hie earder nea tocht oan sokke dingen. Troch dit kuijerjen krij ik mear each foar it gea. Ik bin oankaam by de krusing mei de provinsjale dyk. Hji steane ek grinspeallen. De grins makket hji in heakse hoeke. Efkes rin ik wer yn de rjochting fan Haulerwyk en dan kin ik wer gelyk op mei de grins fierder rinne lâns de Elleboogfeart. Dizze feart is yn 1770 oanlein foar it ôffieren fan de turf. Oan beide siden binne huzen boud. Der lizze hji en dêr brechjes. De grins leit lofts fan my. Nei 2 km is in sydpaad en kin ik dy kant op. De Haulerwei is de namme fan it ûnferhurde paad. Oan de namme to hearren is it fêst in hiel âlde reed. Ik kom lâns in grinspeal. Dit monumint is der net bêst oan ta. It leit yn de berm. Ik ha der in melding fan makke by de behearers fan de Gemeente Eaststellingwerf. Wat is 't hji wer lanlik tusken smûke beamwallen. Lâns in moai fytspaad kom ik wer op in oar smel dykje. De Bieuwweg. Yn de greide neist my sjoch ik in hertsje skarreljen. Nei in heale km bin ik by de Koloanjeart. Dy namme komt fan Feanhúzen wer't dit wetter by lâns komt. Ik moat in ein by dit wetter lâns rinne, neist in dyk wer't myn bus út Assen my ek lâns brocht. Ik sjoch in wei mei de nijsgjirrige namme Rolpaal. Hji brûkten de turfskippen in rolpeal om makkeliker in heakse bocht meitsje to kinnen. It tou wêrmei it skip lutsen waard, lei men dan om sa'n rolpeal hinne en sa luts men de boat net yn de feartswâl. Foarhinne wie hji ek sa'n peal. No stiet op dat plak in sabeare rolpeal. Ik bin oankaam yn de streken wer't de Koloanje fan Feanhúzen in grut stimpel op drukt hat. Feanhúzen hat net it karakter fan in doarp, fyn ik. By in moai âld slûske kin ik oan de oare kant fan it wetter komme. In eintsje rin ik no yn de rjochting fan Easterwâlde en De Haule. Nei in lyts eintsje bin ik wer by de grins. Der steane ek grinspeallen. Ien peal stiet op it hiem fan in buorke-rij. De pleats is ferlitten en kin der sa hinne om in foto to meitsjen. It lân fan de eardere boer is no in grutte sânwinningsplasse. Fanôf dit plak giet de grins yn ien rjochte line oer it Fochteloërfean. Earst noch lâns de Drintsewei. Dizze wei rint dea yn it fean. Kuijers koenen der foarhinne wol fierder by de grins lâns rinne. Mar dat paad is hjoed ôfsletten fanwegen werynrjochtingswurken. Ik moat omrinne en folgje earst mar de omliedingsrûte dy't oanjûn wurdt. Dy bringt my yn in ticht bosk dat oan de râne fan it fean oanlein is. Tusken fean en bosk is in djippe goate. Yn de hege kant is goed to sjen hoe tsjok de fean-

om oan to beljen mei de fraach om wetter. Mei de pet yn de hân skilje ik oan by in moaie wente. In aardich frommes docht iepen en op myn fraach om wetter wurdt ik fuortdaliks der yn nûge. Der binne noch genôch bêste minsken yn de wrâld, tocht ik doe. Noch in heal oere rinnen nei de bushalte yn Appelskea. Nei njoggen oeren rinnen en 23 kilometer fierder, wie ik bliid dat ik sitte koe. It rûn hjoed in bytsje út de hân mei myn kuijerjen. Tineke wie tagelyk bliid en in bytsje liik op my doe't ik jûns acht oere wer thús wie. Mar wat wie it wer in bysûndere dei!

Eabele van der Veen.

## UT DE BOEKEHOEKE



### Hylke Speerstra

Hylke Speerstra is berne op in pleats yn Iemswâlde besuden Boalsert lizzende doarp Tsjerkwert. Nei de legere skoalle gie hy nei de legere lânbouskoalle de Mulo en de Middelbere lânbouskoalle. Dochs keas hy foar de sjoernalistyk, en ûntwikkele him mei troch selstúdzje. Yn 1958 begûn Speerstra as ferslachjouwer by it Frysk Lânboublêd. Twa jier letter stapte hy oer nei de Friese Koerier, wêr't hy yn de lear kaam by Fedde Schurer, Laurens ten Cate en Rink van der Velde. Ek waard hy korrespondint foar it skipperswykblêd Schuttevaer, wêrfan hy letter ta redakteur en yn 1971 ta haadredakteur beneamd waard.

Yn 1986 waard Speerstra de earste haadredakteur fan it yn dat jier mei troch himsels oprjochte Agrarysk Deiblêd. Trije jier letter ruile hy dizze funksje yn tsjin it haadredakteurskip fan de Ljouwerter Krante. Neidat hy yn 1996 mei de VUT gean wie, lei hy him ta op it skriuwen fan boeken.

### It wrede paradys

Oan de foarjûn fan de grutte Fryske reüny Simmer 2000 publisearre Speerstra syn boek *It wrede paradys*, wêr't hy ferneamd mei wurde



veen. Hjir lâns kom ik troch it natuergebiet en kin ik ek wer mei de grins oprinne. It útsjoch oer de beamleaze heide is ymponearjend. It iennige wat ik sjoch oan bebouwing op de fiere kym, is de hege kantoarflet dy't ik ek seach yn Assen. De begroeiing liket foaral to bestean út gerzige planten. It is oeral ek hiel wiet. Mei wetterpompen wurdt it wetter heech opset. Men wol it feanmoas werom hawwe. Dy hâldt safolle wetter fest dat ôfstoarne plantedielen net fertarre en nij fean ûntstiet. Benijd bin ik of ik hjoed ek kraanfûgels sjen kin. Dy briede hjir sûnt 2001. Sy litte harren net sjen. De wei wer't ik no op rin, is de lêste tiid in it nijs west. De wei is drok en der wurde dêrtroch in soart bisten deariden. Foaral reptilen sa as de njerre, ringslang en glêde slang. Men hat wol in soad oerstekplakken makke. Mar dy helpe wierskynlik net genôch. No wol men dizze wei ôfslute foar motorisearret ferkear. Dat ropt fansels diskusje op. Oan dizze wei steane twa ûntginningspleatskes. Ien dêrfan is no de be-



hearsskourre foar it natuergebiet. Der is ek it plak wer't besikers de auto stalle kinne. In fytspaad rint hjir wei oer de heide en oer de grins nei Feanhúzen ta. By de grins stiet neffens myn kaart in grinspeal. Ik kin it net litte om dy op to sykjen en in foto fan to meitsjen. Dat kostet my in oere rinnen. Mar dat wie it my wol wurdich. Ik kaam lâns in plak mei sândúntsjes. Seldsume blommen seach ik dêr. It waard geandewei wol aardich letter en ik murk dat myn eindoel foar hjoed, de Damslús by Appelskea, to fier fuort rekke. In ferkearde ôfslach nommen. De kaart út de Bosatlas fan Fryslân is hjir net mear by de tiid. Lânbou is natuer wurden en in nij fytspaad stiet net op myn kaart. Dat ferrifelle my. Ik kaam yn Ravenswâld te lâne. Wurdich en mei in drûge kiel. Ik beslút

laach hjir is. Op it ein fan it paadsje beslút ik om sels myn paad wer to sykjen. Ik sykje de Drintsewei wer op en kom lâns de minsken dy't hjir oan it wurk binne. Nei in bytsje sykjen kom ik op in fytspaad dat fanôf de Drintsewei nei Fochtelo rint. Rjochts leit de wide Weperpolder en lofts is de einleas grutte flakte fan it fean. Yn de Weperpolder steane grutte boerepleatsen. Dêr is ek de boarnestreek fan de Tsjonger. Lâns it fytspaad steane in soad moaie plantsjes



en dertroch sjoch ik ek in protte flinters. It is drok op it paad. Ik freegje my ôf of al dy minsken ek sjogge, wat ik dêr seach. Yn de berm, oan de oare kant fan de goate hat immen in byldegroepke makke fan lytse stientsjes. De sânsteapeltsjes binne net heger as sa'n 30 cm. It lykje minskefiguerkes. De famylje Stienstra, kinst wol sizze. Hiel bysûnder en hoe betinkst dit. Ik fyn dit keunstich. It fytspaad komt út by in ferhurde dyk mei de namme Fochteloër-



**It bestjoer fan de krite nûget jimme út foar  
in optreden fan .....**



**Teatergroep FJOER spilet**

**“ALLES WENT...?”**

fan Dick van den Heuvel  
frij nei Yvonne Kroonenburg  
regy: Afke Toren  
technyk: Sieger Rinsma  
spilers:  
Baukje Stavinga  
Sietse de Vries  
Jeroen van der Meer

**op sneon 23 maart 2024 om 20:00 oere  
yn teäter Posa - seal iepen om 19:30 oere**

**Tagong leden € 12,50/ net-leden € 17,50.**



De foarstelling giet oer in stel op leeftyd dat alles hat. Se binne sûn, ha in moai hûs, in soan en in pake/bepesizzer. Willem fynt it allegearre wol prima sa, wylst syn frou Hetty oerfallen wurdt troch it gefoel fan ‘Is dit alles?’. Se is ûntefreden en fielt in leechte yn har bestean. Se ha hieltyd faker rûzje en it houlik stiet op ynstoarten. Dan beslút Hetty it roer om te goaien en dat hat nochal wat konsekwinsjes!

In relaasjekomeedzje mei in protte humor en hilaryske mominten, mar it jout it publyk ek stof ta neitinken...

Komme se der tegearre trochhinne, of sille se úteinlik elk har eigen wei gean? In ferhaal oer hâlden fan, lang tegearre wêze, âlder wurde, fêstrustke gewoanten en gean sa mar troch.